

Stichting De Strikel

Goed bidoeld, mar. . .

DURK VAN DER PLOEG,
De dei lûkt nei de jûn.
Friese Pers Boekerij bv, Ljouwert 1984.

'De dei lûkt nei de jûn', dat ik mei in ûnrêstich gefoel lêzen haw, liket my to birêsten op in greate ynset en gâns goede bidoelingen fan de skriuwer. It komt my foar dat Durk van der Ploeg it libben fan doarpsbiwenners, sa los fan elkoar bisteand en dochs mei safolle triedden meiinoar forboun, né, dat er winliken it doarp sels as in libben, sykheljend, grommeljend wêzen biskriuwe wollen hat. Dat er der net foar tobek skrille wollen hat, ek it al to minsklike, it breklike, it primitive dêryn stâl to jaen en dat er de moed hawn hat it hwat naturalistyske skema to forsteuren troch in riskante fynst: it ynfieren fan in wurklike, in wiere ingel. Net in ingel by wize fan sprekken, as byldspraek, né, in wieren ien.

It liket my ta . . . it komt my foar . . . sei ik en sa is it: ik tink dat allegearre, mar ik kin it net biwize - en it boek biwiist it my ek net. Dy ingel, Gabriël hjit er, ja, de skriuwer hâldt ús foar dat er samar út 'e himel delsæid is en hy biskriuwt in mannich ynsidinten mei dy Gabriël dy't ús der fan oertsjûgje dat de bidoeling is, dat wy der wier yn leauwe en dat it ús net gund is mei Duifje út it boek, of mei de widdou Duotsje Althusius (al brekt krekt by dy op it lêst it ljocht troch) ús ôf to freegjen oft er faeks in homofyl fan knap komôf is út in oar plak, of, hwer't iksels de foarkar oan jaen soe, in aseksuële yntellektueel mei in hing nei de natûr en de primitive doarpsmienskip . . .

Mar dy ûnderstelling mei dus net.


Dan is der ek in dûmny yn it doarp. Nou binne der dûmnys yn soarten, mar dizze is in earsterangs kloatsek en fansels, ek dat kin foarkomme en it doarp sit der dan mei oanklaud, en yn dit gefal it boek ek. Hwant hoecht sa'n ien nou yn in boek troch to kringen? It andert is fansels ja as er wier ta libben komt, hoe biroerd dat libben ek wêze mei, as wy meifiele, meilibje, meiwrakselje kinne yn syn wrakseling, mar och heden, dûmny docht oars net as preekmeitsje en twaris deis, de moarns bitiid en oan 'e ein fan 'e middei stoarje nei de bushalte fan de Fram. Omt de moaije faem Duifje dan giet en komt . . .

Dûmny, de man hjit folút Wolke Uittentreure, is troud, dus dan komt soks net to pas. Fansels, ditsoarte fan nuvere fixaesjes komme foar, mar it wol yn dit gefal net twingend yn ús - as lêzer - del. Dat dûmny dochs ek wol gewoanwei minsklike opstiginggen hat wurde wy gewaer op side 48/9 dêr't dûmny yn syn tún is om nei to tinken oer de preek dy't er skriuwe moat. Hy tinkt oan „de tunen út de bibel: it paradys, de hôf van Eden, Getsémané, it tún fan Joazef fan Arimatéa. Hy oertoacht de theologyske gearhing fan al dy paradyslike skientme, dy't hinne wiisde nei it hjerneimels”.

Mar dêr komt syn frou, Minke.

„Kom dan. Pak my dan, Wolly,” dage se him út. Dat dûmny der efteroan. „Krige har by de lurven (. . .) ropte har it boppest knopke fan it bloeske en taaste sa djip as er koe. 'Net sa rimpen, Wolke,' rôp se laitsjend. „Myn knopkes.”

Noch de man fan it wurd, noch de skriuwer lykje gefoel to hawwen foar dy poëtyske lêste twa wurden, hwant: „Hy grânzge en bifielde har.”



Hawar, Minke slagget wer yn 'e hûs.

„Al syn ynspirearjende gedachten kwyt, rûn Wolke hymjend oer it fearjende gêrs. It tûn wie wer deagewoan tûn. As wiene al dy rike gedachten, dy't er formulearre hie, yn ien slach fuort. It wie alle wiken al sa'n blikstiendersken toer om in preek to skriuwen.” It is ek in blikstiendersken toer, in apart, in wier goed boek to skriuwen. Durk van der Ploeg hat it bisocht, mar it risseltaet bifrediget net. Dat komt mei't it barren yn it boek, de minsken harren ynderlik bistan har net great en twingend oan 'e lêzer opkringe . . .

'In meinimmend forhael' seit de flaptekst dat wy mei to krijen hawwe en ik bin winliken wol ré dêr yn mei to gean. Forfeelsum is it boek eigentlik net, it is wier wol troch to kommen en

de persoanen dy't ús foarsteld wurde binne net minder nijsgirrich as de trochsneed meiminke dêr't in doarpsbiwener nou iennis sicht op krijt. Ek net mear en dat soe men winliken al wolle. Ien fan de minst nijsgirrige figueren, Jurjen Blaauw, fielt men jin noch it meast by bitrutsen. Hy hat lange jierren yn 'e bou wurke, mar driget wurkleas to wurden earst en is it even letter ek.

Koartsein, Van der Ploeg hat alderhande fasetten fan it doarpslibben hjoeddedei achtslein en fortelt ús dêr oer yn in hwat primitive styl, dêr't feit nei feit yn lytse, altiten lyk forrinnende sintsjes yn trochjown wurde. In staccato dêr't men wurch en mankelyk fan wurdt, lykas it droanen fan 'e rein op 'e abri oan 'e havenkant fan Harns. Om misforstean foar to kommen: it boek is skreaun yn geef Frysk. Van der Ploeg ken syn tael en brûkt dy o sa mei sin. Inkeld dêrom soe men it boek graech oanbifelje.

It boek is kreas útjown, mei in omslach fan Gerrit Breteler, dat folslein yn oerienstimming mei de ynhâld is: it lit Duifje, de 'Miss' fan it doarp sjen by de bushalte, hwat naturalistysk dien, mei fleurige kleurkes.

As men jin al út it boek in (dream)byld skeppe soe fan it fanke, dan wurdt dat hjir wol foargood forgruzele. Mar sa is it dus net, it printsje strykt aerdich mei de ynhâld, dy't net folle ynkringender réaksjes opropt as de sniselbank. Ek fakentiden sa treflik bidoeld en troch de útfierder ornearre om alle foargongers to oertreffen en yn it skaed to setten.

Dit is in ingel
en dat is in 'Miss'
en hjir is de lêzer
dy't it bokje is.

Jo Smit